

Understeand stik oer de ramp mei de Willem III is fan Willem O. Santema en ferskynde op 30 jannewaris 2002 yn *Wijd en Zijd*. De tekst is basearre op ferskate publikaasjes. De kursive teksten komme út: Jacob Hepkema, *Eenvoudige memories en bemerkingen, langs straten en wegen voor landgenoot en vreemdeling* (Heerenveen: J. Hepkema, 1917).

It drama op 'e Fluezen yn 1877, *“een stoombootramp die aller gemoed met deernis vervulde”*

Op 30 en 31 jannewaris 1877 hat him in ferskriklik drama ôfspile op 'e Hegemermar / Fluezen. Yn alderhande kranten en geskriften út dy tiid en lang dêrnei is hjir in protte omtinken oan jûn. Wylst in iiskâlde, fûleindige stoarm oer ús lân raast, rekket de stoomboat 'Willem III' yn grutte swierrichheden. Troch wiette, kjeld en útputting komme dêrby fjirtjin minsken om.

De 30e jannewaris 1877 is in tiisdei, merkdei yn Snits. Fan hein en fier is it folk nei de stêd ta tein; rinnende, mei hynder en wein of mei 't fearskip. Krekt bûten de Wetterpoarte, yn 'e Kolk, leit de stoomboat Willem III út Starum wei, foar de wâl. Op syn fêste rûte oer ûnder oare Warns, Koudum, Nijegea, Heech, Osingahuzen en Drylts binne bij de oanlisstegers ferskate reizgers oan board stapt en de bemanning hat rûnom fracht en fee ynnommen. Om't it waar dy tiisdei hieltyd ûnlijiger wurdt – *“Het weer was ruw en onstuimig, 't woei reeds hard en onheilspellend stond de lucht”* – wol men de middeis, nei oerlis as it wol ferantwurde is te gean, net te let op hûs oan. Alhoewol 't twa reizgers der noch net binne, nammentlik in keunstskilder út Arnhem en de Starumer Anne Harings Veldstra, set men presys om twa oere ôf. De lêste persoan, Veldstra dus, kin troch tige hurd te rinnen earne fierderop dochs noch fan 'e Willem III oppikt wurde.

Oan board is safolle folk dat se net allegearre in plakje fine kinne yn ien fan de beide kajuten (foar- en efterkajút); de lêsten moatte oan dek bliuwe, net noflik mei de kâlde hurde wyn en beltiden in fikse sniejacht. Lokkich wie hjir en der wol in lij plakje te finen. Yn Drylts en Heech binne de earste passazjiers te plak en stappe fan board. Dat jout romte. Eltsenien kin no noflik ûnderyn sitte. Dêr is 't waarm en gesellich. It waar is wol sa ûnhuer wurden dat yn Heech oerlis plak hat oft it wol betroud is de Mar op te gean. Guon stelle út om hjir mar te oernachtsjen, mar de measten wolle der neat fan witte hja doare it wol oan mei dizze betûfte bemanning, *“want de meesten waren ervaren schippers en met het vaarwater volkomen vertrouwd. Zij geven niet de minste blijken van vrees”*. Ien persoan dy't Heech net as doel hat stapt hjir ôf. Hij doart it net oan en gean fierder. Mei 43 persoanen oan board, seis bemanningsleden en 37 passazjiers (fjouwer derfan binne froulju), fart de Willem III de Hegemermar op.

Noch altyd hellet de westewyn oan mar it folk bliuwt kalm; men is wol wat wend. As hja De Gaastmar naderje, geane der wer stimmen op om hjir dochs mar de wâl op te sykjen. Der wurdt lykwols net harke nei dyjingen dy't it efternei wol bij it rjochte ein hawwe. Guon ha harsels al ryklik moed yn dronken (der is taperij oan board) oaren wolle perfoarst dyselde jûn yn Koudum in gearkomst bywenje, dêr't it liberale keamerlid Keerdijk sprekke sil.

Nei de Gaastmar hâld kapitein Cornelis Bouma út Koudum safolle mooglik *“den opperwal”* de hege wâl oan, sadat se minder lêst hawwe sille fan e weagen. Der wurdt beslúten Nijegea [Ealahuzen] mar foarby te farren, de mar oerstekke is nuodlik mei dit waar. Men hat ynearsten mar ien doel: de Galamadammen helje. It sjit al moai op. *“Het einder was in zicht. Nog slechts één kwartier en men zou over het Feitezand door de rustiger Oorden en de stille Kuylart een veilige ligplaats hebben gevonden aan de Galamadammen. Helaas !”*

Ynienen hearre de reizgers yn 'e efterste kajút in hurde klap en glêsgerinkel. Ien fan 'e rúten is stikken rekke. Der soe in koarksek tsjinoan slein wêze, miene guon. Mar oft dat sa is? Efkes letter giet der al wer ien. Mei eltse hege golf komt der in kâlde fluts wetter nei binnen ta. Mei sekken, kleden en kjessens besiket men de gatten te tichtsjen *“ten einde de boot voor zinken te behoeden”* mar it slagget net. It wurdt wynderich yn 'e kajút, kâld en wiet. Alle gesellichheid is ynienen fuort. De passazjiers betrouwe it net langer en sykje it dek op.

Út 'e foarste kajút komt ek in man nei boppen ta. Hij hat bloed oan 'e han en oan 'e holle. De man siet deun bij in rut dat oan gruzeleminten rekke is. It liket net bêst, se komme no allegearre nei bûten ta. Om't elkenien oan 'e likant stean giet, besiket de skipper se te sprieden; de boat moat net om. Ien fan de reizgers trunet him mei klam oan om de kant op te sykjen; tichteby is in ynham, it Wolvegat. De skipper is it mei de man iens, mar de measten wolle perfoarst fierder. Undertusken is de bemanning mei help fan 'e passazjiers al begûn it wetter út 'e kajút nei bûten te pompen. It jout lykwols neat: hoe hurd hja ek pompe, der rint mear wetter yn 'e boat dan hja der út krije. It is hopeleas.

Dan bart it alderslimste. De efterein fan 'e stoomboat rekket efkes in sân rêchje. Der giet in ferheftige skok troch it 't skip. Al is de gong der noch net alhiel út, de boat lit him net mear stjoere: it roer is brutsen en de skroef docht it net mear. *“Nog slechts enkele slingeringen en de Willem III zonk naar de diepte tot ver beneden het dek; zodat al de passagiers een schuilplaats hadden te zoeken omhoog of een houvast aan de verschansing om niet door de golven meegevoerd te worden, die anderhalve voet hoog over het dek sloegen”*.

De measte minsken steane ûngefear oan 'e knibbels ta yn 't iiskâlde wetter. Durk Ykes Hoekstra út Warkum fynt in tige moai plakje foar syn jonge, lytse Jatze [Jotje]; heit set him op in hege dwersstange yn 'e lijte fan de noch waarme skoarstien. In man of tsien krûpt ticht byinoar op 'e tsjettel. Dy leit wat heger, sadat se net yn 't wetter hoege te stean. De tsjettel bliuwt noch in skoftke waarm, al is it fjoer yn 'e masinekeamer fansels yn ien kear dôve doe't de boat sonk. De lêste reek in mei grut geweld de skoarstien útflein. Op it horizontale stjoerrêd sitte ek trije man bijenoar; sa kinne se de fuotten noch in bytsje 'droech' hâlde.

*“Met alle kracht hadden bel en stoomfluit zich doen horen”*. Sil it lûd boppe it geweld fan stoarm en weagen útkomme? Sil immen it hearre? Yn Aldegea hat men yndied opmurken dat der wat oan 'e hân is op 'e mar. In pear man besykje bij de kearslûs mei in boat it wetter op te gean, mar steil tsjin de wyn yn kine se mei gjin mooglikheid fuort komme. Uteinlik jouwe se it mar oer en hoopje dat de minsken yn Koudum of op 'e Galamadammen de ûnheilslûden ek heard hawwe. Spitigernôch is dat net it gefal. *“Zoo was dan alle hoop vervlogen en maakte zich de wanhoop meester van velen die een minder gelukkige plaats hadden gekregen en die halverwege in het kille water staande, ook nog het meest hadden te lijden van de spattende golven en de snerpende sneeuw- en hagelbuien, waarmede de storm gepaard ging”*.

De lûken fan 't rom spiele fuort. Kisten, kuorren en doazen driuwe yn it wetter. Sa ek de kij en in pear fersûpte bargaen, dy't meinommen binne fan 'e Snitser feemerk. Mei de minsken rint it net better ôf. De earste dy't it bejout, is Marijke Jacobus Altenburg-Kapper (62), út Easterwierrum. Koart dernei folget har dochter Siebregje Thijssen-Altenburg (25), út Easterein. Hja kin it net langer úthâlde en ferdwynt stadich yn it wetter. Mem en dochter komme te rêst yn 'e dea. Under de fjirtjin slachtoffers binne ek de oare beide froulju Aaltsje R. Hoekstra út Lytsewierrum (24) en Siementje R. Smit (25) út Ysbrechtum.

Anne Harings Veldstra (55) út Starum, dy't yn Snits sa hurd rûn hat om de 'Willem III' noch yn te heljen, betellet de reis mei syn libben. Jotje, troch syn soarchsume heit op in feilich plakje

bij de skoarstien set, rêdt it op, mar de heit sels, de Warkumer Durk Ykes Hoekstra (57) ferdwynt yn de weagen. Ek ien fan 'e bemanning komt om, it is skipper Foeke Gerrits van der Wal (37) út Nijegea. De oare ferstoarnen binne Petrus Attema (26) fan Starum, Wietse Feddes Veersma (37) fan Warns, Jan Wabes de Jong (26) fan Molkwar, Piter Annes Okkinga (42) en Siebolt Feddes Wiersma (25) fan Koudum, Germen Foekes van der Wal (50) fan Nijegea en Harmen Melles van der Sluis fan Langwar.

Hja dy't dizze nacht oerlibje, hawwe likernôch rom 16 oeren oan waar, wetter en wyn bleat steld west. As it ljocht wurdt, sjogge se binnen de ferskânsing minsken, bisten en alderhande pakguod om har hinne driuwen. De measten lykwols merke it amper mear op. Dan, hiel yn 'e fierte, sjogge guon fan'e Hegemer kant ôf in sylskip oankommen. It is it beurtskip fan Age Feenstra út It Heidenskip, dy't de nacht earne ûnderweis oerbleaun is. Alle hope op rêding ferfljocht as dat skip koers set nei De Gaastmar. Se binne net opmurken. Om in oere as acht, it is dan noch ûngefear wynkrêft fiif, komt der fan 'e Wâlden in skûtsje oanfarren. Rjochtstreeks op harren ta. Mei in protte ynspanning kin skipper Rein Kool en syn mannen op side komme fan de 'Willem III'. Wat hja ûnder eagen krije, sil harren altyd bybliuwe sa skriklik is it. *“Van de geredden, die zestien á zeventien uren aan het noodweer hadden bloot gestaan, bevonden zich vijf in zulk een jammerlijken toestand –bijna of geheel bewusteloos- dat elk ogenblik de dood had kunnen volgen. Schier allen hadden gezwollen ledematen, terwijl het gelaat vreeselijk was opgezet, bij sommigen tot onherkenbaar toe.”*

Hja dy't net mear rinne kinne, stiif of heal ferlamme binne, moatte droegen wurde. De tsien dy't de nacht op 'e tsjettel trochbrocht hawwe, de trije op it stjoerrêd en de lytse Jatse binne der noch it bêste oan ta! Yn de herberch op 'e Galamadammen wurde de minsken dy't de ramp oerlibbe hawwe mei leafde opfongen en fersoarge troch kastlein Fimme Karels Salmstra en syn frou Tsjerkje Dölle. Mannich Koudumer stiet harren bij, nei't bekend wurden is wat him de ôfrûne nacht, sa ticht bij harren doarp ôfspile hat. De minsken fan de Willem III dy't it helle hawwe, binne der raar oan ta: opsette gesichten, earmen en skonken. Alle gefoel is der út. At se de fingers yn 'e hjitte kofje stekke fiele se neat.

Nei dy benearjende lange nacht mei de dea foar eagen is kapitein Bouma út Koudum yn koarte tiid in âlde grize man wurden, dy't tenei mei stokken rinne moat. Hij hat net lang mear libbe. Skipper Lieuwe Hornstra is dy nacht keal wurden op in lyts wyt krânske hier nei, seit men. Syn earen binne dy nacht beferzen rekke en dêrom fregen de pakesizzers letter altyd: werom hat pake sokke nuvere earen? Dyselde dei hat skipper Kool alve deaden fane 'Willem III' helle. Dy binne nei Nijegea brocht. Letter spiele de oare trije earne oan. De sneons dêrop liedt yn mannich plak de deadsklok. Allinne al yn Koudum wurde fjouwer minsken begroeven. It drama op'e Fluezen yn 1877 sil nea fergetten wurde.

Neiskriften:

1. Yn augustus 1877 is de 'Willem III' nei in yngripende renovaasje yn Amsterdam (kosten 5000 gûne) wer yn gebrûk nommen. Under oare binne de rûten lytser makke en de glêzen sterker. Der is ek in swierdere masine yn 'e boat oanbrocht.

2. Op 17 desimber 1877 feilt notaris K. De Jong Hzn. te Snits de Willem III provisorjoneel “ten huize van den kastelein S. Bokma aan de Lemster straatweg te Sneek”. Beskriuwing: “De in de laatste tijd geheel vernieuwde, sollied en fraai ingerigte schroefstoomboot, Willem III genaamd, varende in de beurt van Stavoren op Sneek en Leeuwarden, lang 27 meter, diepgang 1 meter 5 centimeter, met 8 paardenkrachten en derzelver volledige Inventaris”.

3. Letter hat men om'e nocht útsocht wêr't it skip belâne is.